

## **De koerts fan de Fryske Akademy 2020-2023**

*Petysje oan de Kommissaris fan de Kening en it Kolleezje fan Deputearre  
Steaten fan Fryslân*

16 septimber 2020

De Fryske Akademy is yn 1938 oprjochte mei it doel om ûndersyk te dwaan nei de Fryske taal en kultuer yn de wiidste omfieming. Sûnt dat oprjochtingsjier en de earste desennia fan it bestean fan it ynstitút is der in soad feroare. De Fryske Akademy is yn 1989 op lêst fan de Minister fan Underwiis as selsstannich ynstitút liearre oan de Koninklijke Nederlandse Akademie van Wetenschappen yn Amsterdam (KNAW). Dat wie doe in goede oplossing om de Akademy yn te bêdzjen yn it gehiel fan 'e wittenskipsbeoefening yn Nederlân. Mar no wurket de Akademy gear mei University Campus Fryslân, Hegeskoalle NHL Stenden, de Universiteiten fan Grins, Amsterdam, Utert, Nijmegen en Maastricht, it Instituut voor de Nederlandse Taal yn Leiden, Tresoar, AFUK en it Fries Sociaal Planbureau. De iensidige bestjoerlike bining oan 'e KNAW past dus net mear by de praktyk fan no.

Dêr komt by dat de KNAW net de ekspertize hat om in ynstitút as de Fryske Akademy sa goed mooglik foarút te helpen. De KNAW is allinnich mar rjochte op it bedriuwen fan wittenskip en it beweitsjen fan kwaliteit. De Fryske Akademy hat njonken in wittenskiplike ek in wichtige maatskiplike taak. De Akademy soarget syn hiele bestean al foar basisfoarsjennings op it mêd fan de kennis fan de Fryske taal, skiednis en kultuer. Dat bart net inkeld út wittenskiplike niget, mar ek mei it each op it ûnderwiis en de fierdere útbou en ûntjouwring fan de Fryske taal. Krekt dêrom stekt de provinsje Fryslân ek in hiel soad jild en enerzjy yn it ynstitút. Dat wittenskiplike en maatskiplike twaspoarebelied is fan grut belang. Ommers, der binne yn Fryslân gjin oare ynstituten dy't de ekspertize hawwe om al dat wurk út de wei te setten. Yn de neerlandistyk en de Nederlânske skiedskriuwing binne dy taken ûnderbrocht yn aparte, spesjalisearre ynstituten en universiteiten. Wy moatte it yn feite mei ien breed ynstitút dwaan.

It oanstjoeren fan sa'n ynstitút ferget in tûzenpoat. It moat in betûft wittenskipper wêze, mar ek ien mei yngeande kennis fan de Fryske mienskip. De Fryske Akademy sit al langere tiid yn in bestjoerlike krisis. Al hast trije jier is der gjin wittenskiplike oanstjoering mear. Noch slimmer is dat de oanstjoering op it mêd fan 'e maatskiplike taak al mear as tsien jier ûntbrekt. Dêrom hat de Fryske Akademy no alderearst ferlet fan in bestjoerder dy't each hat foar it plak fan it ynstitút yn de Fryske mienskip. It sykjen om in topwittenskipper út it bûtenlân, dêr't yn de media praat fan west hat, liket ús dan ek net de goede prioriteit. Mei it ynheljen fan ien dy't him hielendal ynwurkje moat yn it spesifike karakter fan de Fryske Akademy en earst sels doel krije moat oer hoe't de Akademy syn opdracht wiermeitsje moat, soe it ynstitút in grut risiko rinne. Der moat krekt in persoan komme mei bestjoerlike kwaliteiten, ien dy't minsken wittenskiplik stimulearje en motivearje kin, dy't ek in goed netwurk yn 'e provinsje Fryslân hat en fyzje op it plak fan in wittenskiplik ynstitút yn 'e mienskip. Sa kin der wer in goede brede koerts foar de Fryske Akademy ûntwikkele wurde.

Dêrom dogge wy mei klam in berop op 'e Kommissaris fan 'e Kening en it Kolleezje fan Deputearre Steaten fan Fryslân om no yn te gripen. Yn 2023 is it al safier, dat it plak fan 'e Akademy op 'en nij foar fiif jier fêstlein wurdt yn 'e Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer. Foar dy tiid moat der dúdlikheid wêze oer it plak en de koerts fan 'e Fryske Akademy yn it gehiel fan it wittenskiplik bedriuw yn en om Fryslân, en ek oer wat Fryslân fan syn Akademy ferwachtet.

De provinsje soe no de rezjy nimme moatte en soargje foar in direksje, dy't dy fragen útwurket fòar 2023 en de Fryske Akademy as bedriuw wer op 'e kluten helpt. De toppers komme dan fansels. No kinne wy better foar eagen hâlde, dat de Akademy yn 1938 mei oprjochte is troch Titus Brandsma, earder rector magnificus fan 'e Universiteit fan Nijmegen. Dy kaam net út Harvard, mar út Hartwert.

**Mr. Nynke van Amerongen-Huizenga**  
Ald-skriuwer Bestjoerdersferiening CDA  
Driebergen-Rijsenburg

**Maaïke Andringa**  
Dosint Frysk & Klassike Talen  
Ljouwert

**Jelle Bangma**  
Underwiisadviseur Meartaligens  
Deinum

**Nynke Beetstra**  
Ald-buroredakteur Omrop Fryslân  
Grou

**Drs. B. Bekius**  
Dosint  
Assen

**Dr. Geart Benedictus**  
Bestjoerder en Fries  
De Jouwer

**Pier Bergsma**  
Foarsitter Ried fan de Fryske Beweging  
Hurdegaryp

**Bearn Bilker**  
Histoarikus/skriuwer  
Aldwâld

**Rianne Blokzijl**  
Dosint en MA-studint Frysk  
Akkrum

**Daniël de Boer**  
Studint RUG  
Kollumersweach

**Ir. Frank de Boer**  
Bestjoerslid Feitsma Fûns  
Ljouwert

**Martha Boer-van Slooten**  
Frisiaste  
Stiens

**Piter Boersma**  
Skriuwer en âld-meiwurker fan de Fryske  
Akademy  
Loenen aan de Vecht

**L. Bonnema**  
Frjentsjer

**Willem Duijff**  
Studint Europeeske Talen en  
Kultueren oan de RUG  
Damwâld

**Nynke Duijff-Veenstra**  
Ald-meiwurker Fryske Akademy 1989-2009  
Damwâld

**Dr. Siebren Dyk**

Ald-meiwurker Fryske Akademy  
Jorwert

**Drs. Th. Dykstra**

Ald-learare-opliedder basisûnderwiis  
Itens

**Drs. C.D. van Es**

Eindhoven

**Drs. Liskje Flapper**

Dosint Frysk PABO NHL Stenden  
Burchwert

**Drs. Lolke Folkertsma**

Ald-provinsje-argivaris en  
ryksargivaris Oerisel  
Swol

**Dr. Babs Gezelle Meerburg**

Haaddosint Learareoplieding Nederlands  
Frysk NHL Stenden  
Ljouwert

**Dr. Karel F. Gildemacher**

Selsstannich ûndersiker  
De Jouwer

**Eelke Goodijk**

Underwiisadveur Cedin sintrum  
Meartaligens  
Ternaard

**Drs. Ate Grijpstra**

Dosint, muzikant en skriuwer  
Bûtenpost

**Drs. Sytze T. Hiemstra**

Frisist en ûnderwiiskundige  
Drachten

**Prof.dr. Jarich Hoekstra**

Professor foar Frisistyk  
Kiel (D)

**Dr. Sipke Huismans**

Foarsitter Krúspunt  
Stienwyk

**Eelke Jager**

Lid Orde van den Prince  
Nuenen

**Fokke Jagersma**

Projektkoördinator  
De Westereen

**Gosta Jellema**

Frisiaste  
Ljouwert

**Prof.dr. Goffe Jensma**

Heechlearaar Fryske Taal  
en Letterkunde RUG  
Grins

**Dr. T.S.B. Johnston**

Oersetter, redacteur, trainer  
Amsterdam

**Dr. Folkert de Jong**

Ald-lid Maatskiplike Advysried Fryske  
Akademy

**Sanne de Jong**

Learkrêft basisûnderwiis en  
Master-studint Underwiiswittenskippen  
Grou

**Drs. J.M.C. de Jonge**

Voorzitter CCR Kennemerhart  
Haarlem

**Dr. Reitze J. Jonkman**

Dosint Frysk CVO Súdwest-Fryslân  
De Gerdyk

**Drs. Reitze Jonkman**

Dosint Wiskunde  
Drachten

**M.M. Kingma BA**

Studint  
Burgum

**Sigrid Kingma MA**

Meiwurker ûndersyk en ûnderwiis Lektoraat  
Meartaligens en Skriftlike Taalbehearsking  
NHL Stenden  
Grins

**Drs. Martha Kist**

Kolleksjefoarmer Tresoar  
Ljouwert

**Hedzer Klarenbeek**

Bestjoerslid Dingtiid  
Ljouwert

**J.S. Knol**

Ald-redakteur Friese Pers Boekerij  
Feanwâlden

**Ed Knotter**

Afûk-lesjouwer  
Beetstersweach

**Prof.dr. Kees van der Kooi**

Emeritus Hoogleraar Systematische  
Theologie Vrije Universiteit Amsterdam en  
Distinguished Lecturer ESAA/EURAC  
Erasmus Universiteit Rotterdam  
Driebergen

**Dr. Joop W. Koopmans**

Associate professor Skiednis RUG  
Grins

**Ciska Kramer**

Dosint Ingelsk  
Goutum

**Jaap Kramer**

Frisiast  
Stiens

**Dr. Jelle Krol**

Ald-bestjoerslid Fryske Akademy  
Ljouwert

**Dr. F.J. van der Kuip**

Taalkundige Fryske Akademy  
Feanwâlden

**Dr. Johanneke Liemburg**

Biografe Fedde Schurer  
Wommels

**Ds. Alex van Ligten**

Theolooch en oersetter  
Snits

**Joke van der Linden**

Organisator Dichtersfestival  
Amsterdam

**André Looijenga MA**

Klassikus, skriuwer, taalkenner  
Oentsjerk

**Drs. Irénke Meekma**

Foarsitter Feitsma Fûns  
Amsterdam

**Drs. W. van der Meer**

Ald-meiwurker Afûk  
Jorwert

**Ds. Johannes van der Meer**

Emeritus Menniste Dûmny  
Akkrum

**Hindrik van der Meer**

Muzikus  
Fûns by Jorwert

**Mr.drs. Pieter Meerdink**

Voorzitter Kunstcade  
Ljouwert

**Cees van der Meulen**

Ald-konrektor Bogerman Snits  
Grou

**Aant Mulder**

Bestjoerder Ried fan de Fryske Beweging,  
redakteur De Nije, kollumnist  
Balk

**Dr. Bertus Mulder**

Ald-deputearre fan Fryslân  
Feanwâlden

**Henk Oly**

Histoarikus  
Ljouwert

**M.C. Oosterveld-Egas Reparaz**

Vertaler, lexicograaf  
Eindhoven

**Teake Oppewal**

Ald-meiwurker Tresoar  
Ljouwert

**Nina Peckelsen**

Bestjoerslid Feitsma Fûns  
Ketlik

**Durkje Plantinga**

Ald-bestjoerslid Feitsma Fûns  
Boalsert

**Durk van der Ploeg**

Skriuwer  
Noardburgum

**Syb van der Ploeg Bac. Ed.**

Ald-dosint  
Broeksterwâld

**Anne Tjerk Popkema**

Frisist en Lid fan de Fryske Akademy  
Grins

**Drs. Jan Popkema**

Frisist  
Burgum

**Drs. Henk Popma**

Histoarikus  
Ljouwert

**Arie Pos**

Vertaler  
Cete (Portugal)

**Drs. Jantsje Post**

Oersetster  
Winaam

**Piter Post**

Aldboer  
Seisbierrum

**Dr. Oane Reitsma**

Associate researcher Protestantse  
Theologische Universiteit  
Enschede

**Meindert Reitsma MA**

Ljouwert

**Dr. A.M.J. Riemersma**

Ald-lektor Frysk en Meartaligens  
Ljouwert

**Jacob Roep**

Museumdocent Fries Museum  
Ljouwert

**Gerhild van Rooij**

Galerie Bloemrijk Vertrouwen  
Aldtsjerk

**Drs. M.A. de Ruiter**

Ald-bestjoerslid Feitsma Fûns  
Boalsert

**Trevor Scarse**

Bestjoerslid It Skriuwersboun

**Drs. T.R.A. Simonides**

Ald-learaar skiednis en pastor  
Burdaard

**Pytsje van der Sluis**

Tolk / Oersetster  
Drachten

**Drs. Jabik Veenbaas**

Filosoof, skriuwer, oersetster  
Castricum

**Drs. Redbad Veenbaas**

Undersiker Vrije Universiteit Amsterdam  
Amstelveen

**Drs. Foppe Venema**

Koördinator fan 'e Nederlânse ôfdieling fan  
Lycée International Ferney-Voltaire  
Frankryk

**Willem Verf**

Damwâld

**Fardou Visser**

Studint Fryske taal en letterkunde  
oan de RUG  
Grins

**Sieta de Vries MSc**

Dosint Frysk PABU NHL Stenden  
Gytsjerk

**Ds. Hinne Wagenaar**

Kleasterpastor Nijkleaster  
Jorwert

**Ans Wallinga MA**

Dosint Fryske taal en kultuer, OSG  
Singelland, it Drachtster Lyseum  
Garyp

**Dr. Albert P. Walsweer**

Associate Lektor Meartaligens & Skriftlike  
Taalbehearsking NHL Stenden  
Goutum

**Dr. J.D.Th. Wassenaar**

Dûmny  
Hellendoorn

**Dr. Jant van der Weg-Laverman**

Lid en âld-leksikograaf fan  
de Fryske Akademy  
Ljouwert

**Drs. Japke Wiersema-Fortuin**

Dosint  
Ljouwert

**Drs. Henk Wolf**

Taalkundige  
Lula